

SKRIFTLIKE FRAGEN, op grûn fan Kêst 39 Reglemint fan Oarder

Rjochte oan DS / lid DS	Poepjes Underwerp: driigjende sluting skoalle Boksum
Ynliedende taljochting (fakultatyf)	<p>Skoallekoepel Fier wol mooglik per 1 augustus 2016 de Otto Clant skoalle yn Boksum slute. Reden soe wêze it tebekrinnende tal learlingen. (1) Personiel en âlden wolle dizze lytse skoalle graach behâlde foar it doarp. It soe in ferriking wêze kinne foar it ûnderwiisoanbod foar learlingen út de stêd Ljouwert. De Otto Clant skoalle is ien fan de foaroprinders west mei meartalich ûnderwiis, en krige okkerdeis noch in sertifikaat 'Trijetalich Plus' as ien fan de 35 Vroeg Vreemde Taal Onderwijs-skoallen (2). De skoalle is tige ynnovatyf dwaande mei groepstrochbrekkend ûnderwiis, I-pad ûnderwiis en ynternasjonale kontakten. De skoalle helle op it mêd fan ûnderwiiskwaliteit hege sifers. It kin dêrmei jilde as in goed foarbyld fan in lûker binnen it provinsjale belied oangeande trijetalich ûnderwiis.</p> <p>1. <i>FD 18 maaie 2015, LC 19 maaie 2015, LC 20 maaie 2015.</i> 2. <i>FD 22 april 2015</i></p>
Fraach / fragen	<ol style="list-style-type: none"> 1. Binne jo op de hichte fan de driigjende sluting fan de skoalle yn Boksum? 2. Binne jo it mei de FNP iens dat it, besjoen út de provinsjale beliedsdoelen wei, skande wêze soe as krekt sa'n skoalle ticht moatte soe? 3. Kinne jo oanjaan wat de ûntwikkeling fan it tal meartalige skoallen yn Fryslân de lêste jierren west hat yn relaasje ta de provinsjale beliedsdoelen. Kinne jo dêrby útsplitse hokker fan dizze skoallen as 'lyts' jilde, hoefolle (lytse) meartalige skoallen der sluten binne troch opheffing of fúzje, hoefolle der nij bykaam binne en hokker totaal saldo dat per jier opleveret? 4. Kinne jo by dizze útsplitsing ek oanjaan oer hoefolle learlingen it dan giet dy't meartalich ûnderwiis krije? 5. Is ús ynskatting krekt dat it benammen de lytse skoallen binne dy't yn de 'gefaresône' sitte om wer ferlern te gean foar de groep meartalige skoallen ? 6. Wat soe dit neffens jo betsjutte moatte foar de ynset fan provinsjaal belied en jild as it giet om it berikken fan it doel fan 25% trijetalige skoallen yn 2015? 7. Wat kinne en sille jo as Provinsje konkreet dwaan om, mei it provinsjale doel foar eagen, de skoalle yn Boksum en oare fergelykbere skoallen in (meartalige) takomst te jaan?

Yntsjinner(s)

(fraksje / namme / hantekening)

FNP, Corlienke de Jong

Datum

22 maaie 2015